

UNDERSKIEDINGEN

De STAF hat de ûndersteande ûnderskiedingsregeling:

Selskippen:

As in útnoeging nei de Stichting Amateursoaniel Fryslân stjoerd wurdt, komt in fertsjintwurdiging fan de STAF by de kroanjierrren 25 – 50 – 75 – 100 – 125 jier ensfh.

It selskip kriget in oarkonde/ lokwinsk en in jildbedrach.

Persoanen:

Foar leden dy't 25 of 40 jier warber west hawwe foar in selskip dat oansletten is by de STAF, kin it STAF-bestjoer op fersyk fan it selskip in STAF-sjelde takenne.

- 25 jier: sulver (ynklusyf oarkonde)
- 40 jier: goud (ynklusyf oarkonde)

In jubilaris dy't mei 40 jier, om hokker reden dan ek, neat krigen hat, kin by in 50-jierrich jubileum dochs noch in gouden STAF-sjelde takend krije. Is der al wol in gouden sjelde útrikt, dan kin in fertsjinwurdiger fan it STAF-bestjoer komme mei in aardige attinsje.

- * It STAF-bestjoer hat foar gewoante, by de boppeneamde feestlikheden in taspraakje te hâlden.

Proseduere:

- * Jubilea en ûnderskiedings (selskippen/persoanen) moatte teminsten acht wike fan te foaren skriftlik yn'tsjinne/oanfrege wurde by it STAF-bestjoer.
- * It STAF-bestjoer kent de ûnderskiedings ta en de ûnderskiedings wurde troch in fertsjinwurdiger fan it STAF-bestjoer útrikt.
- * De jubilea fan selskippen / persoanen wurde yn it jierferslach fan de STAF opnommen
- * It selskip moat yn eigen regio foar de publisiteit soargje.